

**Liturgy foar de tsjinst fan Skrift en Tafel op 10 Maart snein 'Laetare' 2024  
yn 'e St. Margryt te Boksum.**

Wolkom en meidielings

Taljochting liturgysk blomstik

Yntochtsliet: Liet 221

Groet:

Genede jimme en frede fan God ús Heit,  
en fan Jezus Kristus, ús Hear  
yn 'e Hillige Geast!

**Amen**

Bemeodiging en drompelbea

**F.** Us helper is de Heare

**A. dy't himel en ierde makke hat**

F. O God, sjoch nei ús om

**A. en lit ús wer libje mei hert en siel.**

F. Lit ús Hear, jo leafde sjen

**A. en jou ús jo heil!**

F. O, Hear, hear ús bidden

**A. en lit ús roppen ta Jo komme. Amen.**

Kyrië: Liet 281 : 1,2,3,4, 6 en 10.

Bea om ljocht

Lêze: Jeremia 29 : 1- 14 FBO

1. No komt de ynhâld fan it brief dat de profeet Jeremia stjoerd hat oan de âldsten dy't oerbleaun wienen ûnder de ballingen en oan de prysters, de profeten en al it folk dat Nebukadnesar út Jeruzalem wei as balling nei Babel ta deportearre hat. 2. Dat wie doe't kening Jechonja, de keninginne-mem, de ministers, de topamtners fan Juda en Jeruzalem, de smidden en de hantwurkslju en metaalbewurkers al út Jeruzalem wei rekke wienen. 3. Hy joech dy mei oan Elasa, de soan fan Sjafan, en Gemarja, de soan fan Chilkia, dy't kening Sedekia fan Juda as gesanten nei Babel tastjoerd hie, nei kening Nebukadnesar fan Babel. Dit stie deryn:

4. 'Dit is it boadskip fan de HEAR fan de himelske machten, de God fan Israel,

oan alle ballingen dy't ik út Jeruzalem wei nei Babel deportearre ha:

5. Bou huzen en gean dêryn wenjen,  
lis hōven oan en yt dêr de fruchten fan.

6. Nim froulju en set soannen en dochters oan,  
sykje froulju foar jimme soannen en manlju foar jimme dochters,  
dat dy soannen en dochters krije,  
jimme moatte dêr oanwinne yn tal en net ôfnimme.

7. Sykje it wolwêzen foar de stêd dêr't ik jimme hinne deportearre ha,  
bid foar har ta de HEAR, want as it har goed giet, giet it jimme ek goed'.

8. Want dit hat de HEAR fan de himelske machten, de God fan Israel, te sizzen:  
Lit jimme net ferrifelje troch de profeten en de wiersizzers út jimme fermidden  
en harkje net nei jimme dreamútlizzers dy't jimmesels oan it dreamen sette, 9.  
want leagens hâlde se jimme foar, sabeare yn myn namme. Ik haw har net  
stjoerd – seit de HEAR. 10. Dit is wat de HEAR te sizzen hat: Earst as der santich  
jier foarby binne, sil ik nei jimme omsjen en myn heilswurd oan jimme  
neikomme troch jimme werom te bringen nei dit plak. 11. Want ik allinne wit  
wat ik mei jimme fan doel bin – seit de HEAR – en dat doel is jimme wolwêzen,  
net jimme ûngelok; hope en takomst wol ik jimme jaan. 12. Dan sille jimme my  
oanroppe en yn gebed ta my komme en ik sil nei jimme harkje. 13. Jimme sille  
my sykje en ek fine, as jimme alteast fan herte sykje. 14. Ik sil my troch jimme  
fine litte – seit de HEAR – en in kear bringe yn jimme lot en jimme byinoar  
bringe út alle folken en alle plakken, dêr't ik jimme hinne ferdreaun hie – seit  
de HEAR – en jimme weromgean litte nei it plak, dêr't ik jimme út ferballe hie.

Liet: Psalm 122

Lêze: Johannes 6 : 1 - 15

<sup>1</sup>Dêrnei gong Jezus nei de oare kant de see fan Galiléa (of fan Tibearias). <sup>2</sup>De  
minsken gongen Him withoemachtich achternei, omdat se de tekens seagen,  
dy't Er oan 'e siken die. <sup>3</sup>Jezus gong by de berch op en joech Him dêr mei syn  
learlingen del. <sup>4</sup>It rûn nei Peaske, it feest fan 'e Joaden. <sup>5</sup>Doe't Jezus om Him  
hinne seach en opmurk, dat der safolle folk by Him kaam, sei Er tsjin Filippus:  
Wêr sille wy brea keapje, dat dy minsken te iten hawwe? <sup>6</sup>Mar dat sei Er om  
him te hifkjen; want Hy wist sels wol wat Er dwaan soe. <sup>7</sup>Filippus antwurde  
Him: Foar twahûndert denarjes brea kinne se noch net ienris mei ta, sil elk in  
stikje hawwe. <sup>8</sup>En fan syn learlingen, Andréas, Simon Petrus syn broer, sei tsjin  
Him: <sup>9</sup>Hjir is wol in jonkje dat fiif koarnbreaën hat en twa fiskjes; mar wat seit  
dat foar safolle minsken? <sup>10</sup>Jezus sei: Lit de minsken har deljaan. Der stie frijwat  
gers op dat plak. Doe joegen se har del, mei-inoar sa'n fiiftûzen manlju. <sup>11</sup>Jezus  
krige de breaën, tanke en dield se om ûnder de lju dy't mei oanleinen en

2 Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
wol ús mei jo wjukken hoedzje,  
stypje as de stoarmen woedzje.  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

3 Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
wol de wegen foar ús sljochtsje,  
ús net nei ús sûnden rjochtsje.  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

4 Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
as wy wurch en warleas binne,  
lit ús dan troch Jo oerwinne.  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

Segen



5 Leafde lit him folút skinke  
as de alderbêste wyn.  
Leafde wol it feest betinke:  
Jo helje\_ús as gasten yn.

6 Leafde boppe alle leafde,  
himmelhege tinte\_oer elts,  
wol ús mei jo ljocht genêze,  
leafdeboarne, leafde sels!

Fredegroet:

F. De frede fan Kristus wês mei jimme.

**A. Ek mei jo de frede fan de HEAR.**

*We winskje elkoar de frede fan Kristus*

Diele fan bôle en wyn

Tankbea

Sjonge: Liet 416

1 Hear, wês mei ús oant in oa - re kear,  
wol oant wer - sjen oer ús weit - sje,  
lit gjin kwea ús ri - gen reit - sje.  
Hear, wês mei ús oant in oa - re kear.

krektallyk mei de fiskjes, safolle as se mar woenen. <sup>12</sup>Doe't se har sêd iten hienen, sei Er tsjin syn learlingen: Fandelje de brokken byinoar dy't der oer binne; der mei neat weiwurde. <sup>13</sup>Dus fandelen se dy byinoar en makken tolve kuorren fol mei de brokken fan 'e fiif koarnbreaën, dy't der nei it iten oer wienen.

<sup>14</sup>Doe't de minsken seagen wat teken Er dien hie, seinen se: It kin net misse, dit is de profeet dy't yn 'e wrâld komme moast! <sup>15</sup>Doe't Jezus fernaam, dat se Him mei geweld meinimme woenen en kening meitsje, naam Er de wyk en gong wer by de berch op, lykme allinne.

Liet:339a

Oertinking

Stilte

Liet 422

**TSJINST FAN DE TAFEL**

Taljochting op doel sammele jeften en ree meitsjen fan 'e tafel

Liet: It liet fan it brea

(Tekst: Gasthúsgemeente Grins, oersetting: Jelle Bangma; meldij: Chris Verbruggen)

Brea is ierde, nôd op 't lân, rûzjend yn 'e wyn,  
rynske jeften út har han, rispje en helje yn.  
Alle wurk en alle tiid, boer en hannelsman,

rûnom minsken op 'e wrâld: yt jim brea der fan.

Brea op tafel: stil toaniel fan oerdiedigens,  
honger ta it grut gehiel fan rjochtfeardigens.  
Brea as wurd fan wiis berie, langst nei frede is,  
dat de minske libben hâldt, ta ferrizenis.

Diele fan de bôle is: diele mei elkoar,  
it geheim dat libben is - ik sa neist de oar.  
Giet it brea fan hân ta hân, wurde minsken ien,  
witte noch foarby de dea: wei wurdt der gjinien.

#### Tafelgebed:

F. Hear, ús God, wy kinne de rykdom fan jo tafel net diele  
sûnder te tinken oan wa't gebrek lijt,

Wy kinne de bôle net brekke sûnder te tinken oan al wa 't honger hat.

Jo wrâld is ien en wy binne de rintmasters fan har golle jeften

**A. : Hear, meitsje ús wolfeart tsjinstber oan `e earmen**

D. Wij kinne de wyn net drinke  
sûnder te tinken oan harren dy't toarst ha,  
dy't dy't brutsen en ûntwoartele binne  
ôfmêde en ynein.

Jo hiele ierde ropt om gerjochtingheid .

**A. Hear lit jo oerfloed tsjinstber wurde oan wa't ôfmêde en ynein binne.**

D. Wy kinne jo wurden fan frede net hearre  
sûnder te tinken oan in wrâld dy 't oarloch fiert en him op oarloch taredt.

**A. Lit ús dochs sjen, Hear, hoe swurden om te smeien  
ta tekens fan fertrouwen  
en sucht om te oerhearskjen yn langstme nei frede.**

F. Wy kinne dit feest fan mienskip net fiere  
sûnder te tinken oan wat ús ferdielt hâldt.  
Wy binne ien yn Geast, mar noch net yn ús dieden.  
Us skiednis en de groeden dy 't se neiliten hat,  
stiet it ienwurden fan jo tsjerke yn 't paad

**A. : Genês jo tsjerke fan harren ferdielheid**

#### Lofprizing:Liet 405 : 1



1 Hil-lich, hil-lich, hil-lich! Hea-re, God al-mach-tich,  
Jo komt ús lof ta by 't ljoch-tsjen fan 'e dei.  
Hil-lich, hil-lich, hil-lich! Leaf-de-foel en mach-tich  
bin - ne Jo, God, yn jo trij-je-nich-heid!

#### Gebed oer de jeften fan brea en wyn

Foar ús binne jo berne

as ús heilân, Hear en master,

foar ús binne jo krusige,

en foar ús binne Jo ferrizt

om yn 'e Geast foar altyd by ús te wêzen.

Hear Jezus Kristus, hjir oanwêzich,

Wy bidde Jo: lit oer ús en dizze jeften komme: jo Geast,

dat brea en wyn foar ús jo lichem wêze meie, ,

en diel krije oan Jo lichem

soarchsum en leafdefol oanwêzich yn 'e wrâld,

dat ûnder ús jo keninkryk komme mei.

**A: Amen**

#### Sjonge: Liet 791



1 Leaf-de, foar de ti-den ber-ne  
as jo wurd fan 't oan-be-gjin,  
leaf-de, wol ús hert be - wen-je